

**Laudatio foar Aggie van der Meer  
by it útrikken fan de Gysbert Japicxpriis 2019  
Boalsert, 16 novimber 2019**

Pier Bergsma, foarsitter fan de Ried fan de Fryske Beweging.

Krap tweintich jier lyn, op 24 augustus 2001, skreau Aggie van der Meer in ‘Te Gast’ yn de Ljouwerter Krante mei de titel “Over het geluk van oude vrouwen”. Se wie doe, berne op 2 septimber 1927, krekt 74 wurden. Neffens har wurdt der ornaris net sa posityf oer âlde froulju tocht. Se wurde tefolle as in kollektyf sjoen, in kollektyf dat klaget, stint en har fermakket mei de tillefoan, in kalinder mei jierdagen, it koar, de tsjerke of de kaartklup. Nee, dan de manlju: dy krije oaren wat makliker by it hert mei oandwaanlike ferhalen oer harren aventoerlike libben. Mar dan skriuwt se: “Het blijkt vaak verrassend hoe soepel de meesten – de froulju dus – zich bijvoorbeeld voegen naar veranderingen, hoe ze zich opvattingen die volslagen afwijken van die waarmee ze zijn grootgebracht, door denken en praten eigen kunnen maken, hoe ze tot weloverwogen conclusies en kritische opstellingen komen. Het is natuurlijk wel jammer dat ze hun groeiende onafhankelijkheid in denken, buiten de kring van andere grijzen, in een nog niet afgeleerde bescheidenheid, te vaak en te angstvallig onder de korenmaat houden.” It mei dúdlik wêze: Aggie hat it hjir net oer harsels.

Aggie van der Meer hat har libben lang polityk en maatskiplik belutsen west, se wie foarsitter fan it Interkerkelijk Vredesberaad yn Fryslân – soks waard har troch in wat behâldender part fan it tsjerkefolk kwea-ôf nommen – en altyd aktiviste lykas foar Amnesty International. “Fregest my no wêr’t dy driuw weikomt om my tsjin ûnrjocht te fersetten. Miskien komt it by myn âlden wei. Wat net rjochtfearnich wie, dêr moast wat oan dien wurde. Myn heit siet yn it parochybestjoer. Hy koe net ferneare dat tsjerkeplakken ferkocht waarden en dat ien mei jild op in better plak siet. Dat dat feroare is, wie mei syn wurk.” (De Moanne 2006 yn in petear mei Jelma Knol). Doe’t se acht jier lyn de Piter Jellespriis foar har boek ‘Oerfeart’ krige sei se oer har eigen revolúsjonêre hâlding: “Gelokkich fine de measten my wylst te âld om de strjitte op en der is altyd wol ien dy’t seit dat je mei ferhalen minsken ek wat biede kinne. Dat helpt dan moai wer even.” Se skreau oer politisy: Oer Guy Verhofstadt dy’t him sterk makke foar in earliker hannel mei Afrikaanske lannen, en oer Pim Fortuyn sei se: “At it sukses fan Fortuyn der ta liedt dat oare partijen wer ris tinke fan: ‘Wat woene wy?’ en wer ris mear fisy krije, dan wie dat in goede ûntwikkeling.” Sels hie se gjin politike ambysjes: “Yn de polityk kinst net dysels wêze.” Soks kin wol yn it skriuwen fan romans en poëzij. Dat hat Aggie van der Meer no de Gysbert Japicxpriis opsmiten. Yn 1986 krige Tiny Mulder dizze priis. Dêrnei gjin inkelde frou. No ek noch in frou út Boalsert.

Yn 2005 joech Boalsert in jierdeikalinder út. Dêrop in gedicht fan Aggie “Oan Gysbert Japicx Stedgenoat”. Se ferliket Gysbert syn geast mei in fûgel. De lêste rigels:

*Ik noegje dy om út en troch út de blauwe fierte del te kommen,  
simmerwyn, ûle op myn skouder, geast fan fjouwer ieuwen,  
wenjend dêr’t er wol. Do seist net ta om lang te bliuwen,  
dyn fearren hâldst op skerpe om yn ljochtens te ferfleanen,*

*wannear't dyn byld ferstiennet yn dyn stêd.*

Ofrûne simmer waard yn de Broeretsjerke hjir yn Boalsert 'Sykje' opfierd, in hommaazje oan Aggie van der Meer. Yn it boekje dat ta gelegenheid dêrfan útjûn waard, komt Theunis Piersma oan it wurd. Hy skriuwt: "It is miskien wol it maklikst om synysk te wurden at de wrâld feroaret op in wize dy't jin net oanstiet. Gjinn sprake fan by Aggie. Se strielet djippe belutsenheid út. Sy is nijsgjirrich nei it boerelân om har hinne en de minsken yn dat lân. Mei folle mear each en entûsjasme foar de takomst as guon dy't folle jonger binne." En hy beslút mei de wurden: "En it sit my dwers dat ik noch hyltiten net by har op de kofje west haw." Dat hat er ûndertusken wol, fertelde Aggie my doe't ik ferline wike by har wie. Dêr kom ik op werom.

De sjuery hie foar dizze Gysbert Japicxpriis kar út fiif romans. Dêrby "De Achttjin" wêrfan't Ernst Bruinsma sei dat it ien fan de grutste nei-oarlochse romans yn de Fryske literatuer is en dat de skriuwster noch mar inkele tsientallen jierren skriuwt, mar al in hiel libben neitinkt.

Aggie: "Ik mei my graach ergens tsjin fersette. Wy litte de macht te folle syn gong gean." Yn 2011 krige se de Piter Jellespriis. Yn har tankwurd sei se dat it mar al te faak ûntbrekt oan de revolúsjonêre geast fan Piter Jelles. "En komt er al by fleagen lâns dan hawwe wy genôch ûnderfining en arguminten om him ûnskealik te meitsjen."

Aggie komt dan wol net mear op strjitte om te demonstrearjen, op strjitte komt se wol. It Algemeen Dagblad sette ferline jier desimber in filmke op syn side mei Aggie dy't yn har rolstoel bûtendoar sit. In bysûndere rolstoel mei op de efterkant de wurden 'Duwen mag'. Ien fan har skonken wol net goed mei en se lit har graach triuwe troch wyldfrjemden. Tsjin de ferslachjouwer seit se: "Als het er op aankomt zijn de meeste mensen natuurlijk leuk. De een praat meer dan de ander, maar je hebt altijd wel contact."

Yn ferbân mei in fraachpetear en dizze lofrede, dizze laudatio, wie ik koartlyn by frou van der Meer op besite. Sa kamen wy ek te praat oer 'De Achttjin', ien fan de boeken dy't yn oanmerking kamen foar de Gysbert Japicxpriis. Uteinlik hat se de priis krigen foar har hiele wurk. De roman past goed by har libbensynstelling. It ferhaal giet oer ferset. De haadpersoan, Joseph Schlesinger, is yn 1969 lid fan it politburo yn it kommunistyske Tsjecho-Slowakije. Hoe moat it politburo reagearre op de selsferbaarning fan Jan Palach? Yn 1990 komt de ferteller, de skriuwster Lin Berg, dizze man tsjin at er foar Guernica stiet, it wrâldferneamde skilderij fan Picasso út 1937.

Der ûntstiet tusken de beiden in nijsgjirrige briefwiksel oer goed en kwea, politike macht en wat der efter de skermen barde. Skreaun mei in wikseljend perspektyf dat se ek al tapaste yn har boek 'Anna' dat yn 2107 útkaam en dat neffens harsels ien fan har bêste boeken is. Yn 'De Achttjin' wurdt dit lid fan it politburo Ferench Hacha neamd. Hy hat as jonkje de yntocht fan Hitler yn Praach meimakke. Sitaat: "It hie mear west as er ferneare koe. Hy hie roppen, raasd. Ale hie er en gûld. Se hienen him dagen op syn souterkeamer sitte litten... oant syn heit him bedarre... Yn alle sitewaasjes – wie de opstelling fan heit – is it saak in kar te meitsjen. Har bewust fan har Joadsk wêzen en har boarger wêzen. Sûnder dat koe in minske net oerein bliuwe. Se soenen har mei-inoar beriede moatte. It gie om de dingen fan de dei, sjen wat mooglik wie om noch wat fatsoenlik te libjen, tûk wêze en leafdefol. Kies foar it libben, sei yn de tolfde ieu Maimonides, dy fiere foarfaar al."

Der sit grif in soad fan harsels yn. En wat fierder yn it ferhaal at it giet om besluten te nimmen: "It sil foar elk ferskillend wêze en minsken binne der goed yn om besluten dy't se nimme moatte ôfhingje te litten fan ûntjouwingen bûten harsels. Dêr binne guon hiel handich yn. Kûlant wêze foar harsels." Aggie doart it oan om lêstige en kontroversjele tema's oan de oarder te stellen. Dat die se bygelyks yn 'Lytse roman fan Jon Fels'.

Ik begûn dizze laudatio mei it gelok fan âlde froulju. Ta beslút lês ik oer in bern. It gedicht 'Gelok' út 'It bern dat oer it wetter blaast' út 2017.

*Woe ik de swarte of de wite pop, de oare krige in bern dat niks hie; ik hie genôch. Us mem hie in fyts dêr't ik achterop mocht. Soms. Ik hie in puzzel mei hast allinnich loft, yndianeboeken, in bus fol knikkerts en in parlemoermyn yn 'e tún dy wie ek fan myn bruorke. Wy hienen ek twa souders, dêr't Sluis fan 'e koekjetromp wenne. Wy hienen in ringmuorre en inkeld hienen wy it Noarderljocht.*

*Wat dat allegear mei-elkoar wie? Ik wist it net. Dat, sei ús heit, is miskien gelok.*

De folsleine tekst stiet ynkoarten op ItNijts.frl. Sawol dizze laudatio as it fraachpetear mei Aggie van der Meer wurde publisearre yn De Nije, ús folslein Frysktalige magazine dat ein jannewaris ferskynt.

Tankewol.